

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS	
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	It is al in skoftke ûnrêstich ûnder de Iselmarfiskers, fanwege de drege fergunningferliening yn it ramt fan de Wet Natuurbescherming, troch de provinsje(s). Yn tsjinstelling ta foargeande jierren, hat de provinsje Fryslân no tsientallen fiskers ferwiisd nei de provinsje Flevoland foar in fergunning foar de Iselmar, nei't sein wurdt omdat dizze fiskers ek fiskje yn it Markermeer. Ek dêr waarden de oanfragen earst ôfwiisd, mar letter waard dochs noch in fergunning ôfjûn foar in tal moannen, sa lêze wy yn de LC fan 18 augustus 2018. Dêroer hawwe wy neifolgjende fragen:
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Wat is de reden dat de provinsje Fryslân, yn tsjinstelling ta foargeande jierren, de measte fiskers foar in fergunning yn it ramt fan de Wet Natuurbescherming, no ferwiist nei de provinsje Flevoland?2. Hat der oerlis west mei de provinsje Flevoland oer dizze gong fan saken?3. As dat oerlis der west hat, wie der dan oerienstimming oer hokker provinsje it foech hat om te beskikken op de oanfragen fan de fiskers om in fergunning?4. As dat oerlis der net west hat, wat docht it kolleezje dan om te befoarderjen dat der meikoarten dúdlikens komt oer it ferlienen fan de oanfrege fergunnings?5. Wat is de reden dat de fiskers elk jier op'e nij in fergunning oanfreegje moatte? Is it net mooglik om in fergunning foar meardere jierren te ferlienen?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) CDA, Maaïke Prins Fernande Teernstra
---------------	--

Datum	18 augustus 2018
-------	------------------